

STIFTING GROU

Foarwurd,

Om't it coronavirus it ûnmooglik makke ús fjouwer winterjûnen te hâlden hat it bestjoer miend mei dizze bijlage jim dochs noch wat in Stifting Grou gefoel te jaan. Wij hoopje fansels dat wij it winterskoft 2021-2022 wer fysyk mei elkoar belibje meie. Wij winskje jim fierder in sûn en lokkich nijjer.

**Wêr en wannear wenne
wa't âld wie yn Grou**



Earmhûs of Aldmannehûs

Bijgeande tekst en foto's jouwe in oersjoch fan âldereinûnderkommens dy 't der yn de rin fan mear as 100 jier west hawwe te Grou. Yn 1800 wiene it almeast de tsjerken dy 't noed stiene foar de soarch en ûnderdak oan âlde minsken, dy 't har net mear rêde koene. Yn 1891 is yn opdracht fan de Herfoarme Tsjerke it Earmhûs of Aldmannehûs boud op de hoeke fan de Ald Haven en Boerewâlshaven. Dit gebou waard der delset foar F 2788,-. Yn 't earstoan waarden der allinne âlde mânlju talitten, fandêr de namme Aldmannehûs. Dit (te)hûs wie te berikken troch de Wide Steech wêr 't in houten barte oer de Ald Haven lei. Yn it doarp waard leaver net sein dat immen yn it Earmhûs wenne, mar hie men it oer: hij wennet oer 't hout. (*) De earmfâldij fan de tsjerke, dy 't it bestjoer foarme, makke út wa't talitten waard. Letter lieten se ek froulju en echtpearen ta. Mar men sliepte op aparte sealen, ek de echtpearen. It tafersjoch wie yn hannen fan in "vader en moeder". (ferfolch side 3)

Ut sa'n bericht fan 1914 die bliken dat der goed op de de âldsjes past waard..>>>



It Earm- of Aldmannehûs (gebou midden) mei lofts de wenning fan de vader/ moeder. De pleats rjochts hat ek timmersaak west

GROUW. Op 1 januari j.l. bedroeg het aantal verpleegden in het O.M. en V. huis alhier 14.

Hieronder bevinden sich 10 mannelijke, waarvan er een bijna 60 jaar is, 5 zijn tussen de 70 en 80 en 4 boven de 80 jaren oud.

Van de 4 vrouwelijke verpleegden is er één van 73, 2 zijn ruim 80 en de oudste is ruim 92 jaar.

Zij is nog bijzonder helder van geest en heeft een benijdens-waardig geheugen.

De oudste mannelijke verpleegde is bijna 88 jaar, wat niemand den krassen en netten grijsaard zou aanzien.

Vermelden we nog dat gedurende 1923 slechts één sterfgeval voorkwam (in Februari een oude vrouw van 81) en dat verkoudheid en lichte griep uitgesonderd, allen in het afgelopen jaar een uitstekende gezondheid genoten, dan zal zeker ieder 't met ons eens zijn, dat de zorgvuldige verpleging de voeding en ook de huisvesting aan desen gunstigen toestand niet vreemd zijn.

Samen hebben de ouden van dagen een ouderdomcijfer bereikt van 1085 jaar, gemiddeld dus 77½ jaar.

FRISIA 04-01-1924

Dit soe de earste "vader" fan it Earmhûs west ha ?





De "jeugdherberg" sa as dy der yn de begjinjierren bij stie

Yn 1924 wenje der 14 minsken (10 mánlju en 4 froulju). Yn 1926 is de Ald Haven dimpt en hoechde men net mear oer 't hout. Nei de oarloch wie it gebou net mear by de tiid en dêrom waard yn 1951 Friemahiem oan de Nesserdyk boud (sjoch bij Friesmahiem). It âlde Earmhûs is doe ferboud ta doarpshûs. Bij 't winter waarden der kursussen yn fan alles en noch wat jûn. Ek waarden der yn de "grutte" seal foarstellingen en bijienkomsten holden. Yn

1955 wurdt der yn itselde gebou in Jeugdherberg festige, sadat it ek simmerdeis nut die. De iepening waard dien troch (de nije) boargemaster Walda en men spruts fan in oanwinst foar Grou op toeristysk mêd. Der wie romte foar sa'n 80 trekkers op de grutte slipe sealen. It tal besikers naam ta troch de koppeling mei syllessen. Krekt as earder, moasten in "vader en moeder" (wa koe net fam. de Weerd) oarder hâlde. Yn 1984 waard in nije jeugdherberg boud oan de Grou en is it âlde gebou brûkt foar seilmakkerij en ferskate winkels (skuon, bazar ensf.) No is it in horloazje/ sieradenwinkel en 'pizzeria'.

Der wie blykber nij tafersjoch nedich. It lean wie ridlik goed

Vader en Moeder In het Oude Mannen- en Vrouwenhuis te Grouw.

SOLLICITANTEN naar bovengenoemde betrekking, worden verzocht zich schriftelijk te wenden tot den Secretaris-Boekhouder van het Burgerlijk Armbestuur te Grouw, vóór 1 October a.s.

Leeftijd beneden 40 jaar

De vader zal geene werkzaamheden, buiten die aan zijne betrekking verbonden, mogen verrichten.

Zij, die geene kinderen te hunnen laste hebben, genieten de voorkeur. Salaris, behoudens nadere goedkeuring, f 500,- 's jaars, benevens kost, inwoning, vuur en licht.

Namens het Alg. Burg. Armbest.,
De Secretaris-Boekhouder:
Jm. NIEUWENHUIS.

FRISIA 21-09-1917

63 Mensen solliciteerden. A. Kuipers en echtgenote uit Akmarij werden benoemd.



Sa sjocht it der no út. Under in winkel, sa as beskreaun mei in wente der boppe. Yn de oanbou nêst de âlde beheerderswenning lofts foar hawwe ferskate winkels sitten

It Hofje

Yn 1911 fûn de Herfoarme Tsjerke dat nêst in ûnderkommen foar âlde manlju ek allinnichsteande froulju ûnderdak ha moasten. Op it Oosterveld bij de splitsing fan de AldHaven/Grûndaam waard in gebou delset mei dêryn 8 wen- en sliepkeamers mei in souder. Oannimmers Hinne v.d. Veen en Marten de Vries namen dit wurk oan foar F 8987,- . Al earder yn 1904 hiene sij de 8 tsjerkehúskes boud oan deselde Grûndaam, oan it begjin fan 1^e Oosterveld- en Paviljoenstrjitte. De diakony fan de tsjerke wie eigener fan dizze wenningen en it nije saneamde Hofje. Sij regelen ek de hierpriis en wa't der yn mocht. (Ien gûne yn 'e moanne). Wetter wie fergees; mar wol út de pomp.



It ynskriuwbriefke fan boppesteand timmerbedriuw foar de bou fan it Hofje



Boppe : It Hofje yn de jierren 1940-1950 doe 't it noch bewenne waard

IJsselstein makke fan de acht wenninkjes ien grutte romte. Fan elke twa besteande ruten waard ien grut etalaazjeraam makke >>>>



Pas yn 1932 kaam der oansluting op de wetterleiding. Op de mienskiplike gongen wiene de húskes. Men liet net elkenien sa mar ta neffens in oantekening yn in tsjerkeboek ; in seker echtpear soe minder passe omt “zij in disharmonie met elkaar leefden en dat zou de heerschende gezellige toon in het huis niet ten goede komen”. Dochs is it oangien, want men koe oars ek gjin kant mei dizze minsken út. Nei 50 jier kaam der yn 1961 in ein oan



De winkel/ toanseal fan IJsselstein nei 't de ferbouwing yn 1971

dizze húsfesting. Der wennen noch 4 minsken, dy 't oars plak fine moasten. It gebou waard ferkocht oan wenningynrjochter IJsselstein. Dizze hat fan it gebou in toanseal/winkel makke. Yn 1971 is der in ferdjipping op set en rekken de “contouren” fan it âlde hofje út sicht. Doe 't it yn 1984 in Poiesz winkel

waard, wie it hielendal net mear te werkennen. Sûnt de ôfbraak yn 2015 is it parkearterrein wurden.

Boppe :

De Poiesz-supermerk ferboude wol oan de binnenkant mar it úterlik oansjen bliuw itselde.

Under :

Hoe oars liket it no as parkearterrein



Friesmahiem

Al hat it Hofje oant 1961 ta bewenne west, nei de oarloch wie it al dúdlik dat de besteande âldereintehuzen, lykas it Earmhûs, harren tiid hân hiene. Nije soarchsintrums moasten grutter en better ynrychte wurde, omt der mear âlderen kamen en in hegere leeftiid hellen. Grou sette ek dêrop yn en sadwaande koe op 23 juny 1951 Friesmahiem iepene wurde. Op de iisbaan oan de Nesserdyk waard dit tehûs mei aardich wat seremoanje yn gebrûk naam. Blykber wie Grou in foarbyld yn 't lân, sjoen it tal pommeranten wat hjir op ôf kaam. Boargemaster Renken koe minister Joeques fan



Sosjale Saken en de kommissaris fan Fryslân Linthorst Homan mei noch inkele foaroansteanden wolkom hjitte. De minister hat mei it fuortheljen fan de fryske flagge in tinkstien yn 't sicht helle en it gebou yn gebrûk naam. De boupriis wie F 400.000,- en foar interieur- en keukenyrychting wie F 22.000,- útjûn. Koartsein, de 90 âldsjes krigen in weardich ûnderkommen mei in sintrale keuken. Ek krigen sij de beskikking oer in ytseal, in sikeseal en lytse sealtsjes om te biljerten, knutseljen esfh. Lykwols wiene de 22 ienpersoans en 7 twapersoans keamerkes mei bêden deryn net al te grut en wiene de wc 's noch op de gong. De 27 wenningen rûnom it haadgebou joegen wat mear romte en frijheid. Ek dizze bewenners koene gebrûk meitsje fan alle fasiliteiten. It kompleks stiet der hjoeddei noch al, mar hat syn langste tiid wol hân. It wurdt no meast bewenne troch wat jongerein.

Trije kear Friesmahiem : yn de jierren 1950 (mei de folkstúntsjes derfoar), 1970 (mei de sleat noch lâns de Nesserdyk en yn 2020 mei it byld fan no. Ynset : De tinkstien mei sprekkende tekst



Nij Friesmahiem

Al yn de santiger jierren seach men oankommen dat Friesmahiem net mear oan de easken foldie en sette in kommisje útein mei it plan foar in nij soarchsintrum. Dit krige syn beslach oan de Waring nêst it P.M.kanaal. Op 12 desimber 1980 koe boargemaster Holtrop dan



ek it nije gebou mei de namme Nij Friesmahiem iepenje. Dizze kear sûnder pommeranten; it wie blykber al net sa bysûnder mear. Holtrop spruts yn syn iepeningswurd fan “een prachtig gebou, maar nu al te klein ; Idaarderadeel telt 1200 bejaarden en hier is maar plaats voor 60”. De 52-1 persoans en 4- 2 persoans keamers hiene sa’n F 1 mlj. koste; mar dêr hie men dan ek wat foar. Foaral de ytseal en it terras mei útsjoch op de skipfeart yn it kanaal, joech de

minsken in protte fervedaasje. Mei de komst fan de oanleunwenningen yn de Boldert, wêr ’t de bewenners bij need werom falle koene op it tehûs, waard it tal bejaarden dat ûnderdak



krije koe dochs noch wer wat grutter. . Yn de tinkstien stie ; *Hjir skynt op ús eigen bertegrûn ; De sinne op ús libbensjûn*. Spitich dat dy sinne op dit plak al nei 40 jier ûndergong, want der hiene noch wol oare mooglikheden west foar dit kompleks.



Boppe: it gebou yn de earste jierren

Midden: it gesicht fan de lêste jierren

Under: fan it selde punt út sjoen de situaasje fan no

Friesmastate



*B(ibleteek) en B(erneboarters-
plak besiden Oostergoo- en
Leeuwerikstr. joegen noch yn
2000 oan jong en âld in protte
wille. Hjirtusken stiene noch
âldereinwenten en autoboksen*

Grou moast op 'e nij omsjen nei in plak foar "bejaardenopfang". Dit waard fûn oan de Oostergoostrijtte nêst it park. Nei it omlizzen fan dizze strjitte en de sloop fan bibleteek, in 20 autoboksen+



bejaardewenninkjes, koe mei de bou útein setten wurde. Dit "saneamde" M.F.C. is yn septimber 2011, sûnder ienich fert oan, yn gebrûk naam. Bysûnder, want yn de krante stie oars wol: "het bouwwerk ziet er bijzonder uit, vanwege de bijzondere bouwvorm". Yn dit sintrum, wat in pear miljoen koste hat, krigen de oerbleaune bewenners fan Nij Friesmahiem as earsten in plakje. Op de 7 ôfdielingen wenje 6 minsken yn groepsfoarm, mei elk in wen/ sliepkeamer. Elke groep hat in eigen ytkeuken en wenkeamer. Ien ôfdieling is foar minsken mei in beheining (Talant) en ûnder is noch in berneopfang. Fierder binne nêst in restaurant noch in tal sealtsjes foar ferskate doelen oanwêzich. It bliuwt spitich dat yn Grou gjin soarchsintrum mear stiet foar de wat "fittere" âlderein, omt de status fan Friesmastate feroare is yn in ferpleechhûs foar almeast deminten en slimme beheiningen. In skrale treast, oer 20/30 jier sil der yn Grou fêst wer oars tocht wurde oer âlderein-ûnderkommens.

Y.v.d.Veen – desimber 2020

Op deselde grûn stiet no Friesmastate en as men it rom sjen wol ek no foar jong en âld, lykas yn de beskriuwing stiet

